

## GEWIKT & GEWOGEN

# Dronken dûmny en in dúdlike moraal

**Barren:** Under de Toer-projekt Yn it Skaad fan 'e Toer **Tekst:** Margreet de Heer en Hans van Buuren **Muzyk:** Martin Beekman **Regy:** Hans van Buuren **Sjoen:** doarpshûs De Einekoer en de tsjerke yn Ryptsjerk, 5/11 **Besikers:** 120 (fol) **Noch te sjen:** jûn, 10, 12, 13, 17, 19 en 20 oktober [www.ynitskaadfanetoer.nl](http://www.ynitskaadfanetoer.nl)

★★★★☆

**D**er is by de Under de Toer-projekten fan alles foarby kommen, mar in soad dûmny's dy't har gehoar minutenlang ûnderhâlde oer de wil fan God wiene der net by. Dûmny Chris Roorda wie ien fan de earsten justerjûn. As ekskús foar syn gedrach kin oanfierd wurde dat er smoar wie en dat de hormoanen him opspilen. En dat de geast fan de ferdoarne teolooch Johannes Maccovius yn him fearn wie.

De makkers fan Yn it Skaad fan 'e Toer hawwe har ynspirearre litten troch de teoretyske mooglikheid dat Antje van Uylenburgh – de skoansuster fan Rembrandt – yn de tsjerke fan Ryptsjerk begroeven leit. De foarstelling begjint mei in gearkomst yn doarpshûs De Einekoer. Guon doarpelingen rûke jild en dêrom wolle se de tsjerke-

flier iepenbrekke. As Antsje dêr leit, leit der miskien ek wol in Rembrandt yn it grêf. It wurdt tiid dat it doarp him losmakket út it skaad en himsels yn it ljocht set.

Underweis nei tsjerke – nei it twadde part fan de foarstelling – krije se it iene foarteken nei it oare. It hiele doarp is yn ûnstjoer, oeral steane minsken te demonstrearjen. En – wat slimmer is – oeral is brân, oeral is ljocht. Yn tsjerke wurdt pas echt dúdlik wat de habsucht mei it doarp dien hat. Se wiene op syk nei in lyk, mar se binne pakt troch in geast.

Dat frij abstrakte idee wurdt yn konkreto droegen troch biersûpend jongfolk, in gleone skjinmakster, in dwylsinnige keunstneres en oare doarpstypen.

Nei it libbene tekene, en sa wurde se ek spile. De amateurspilars út it doarp kinne de beide ynhierde haadrolspilers – Koos van der Wal en Kimberley Piek – dêryn skoan belykje. Mei elkoar steane se noed foar in boeiende foarstelling mei – dat krijt it publyk op de keap ta – in dúdlike moraal.

SIETSE DE VRIES